



**PvDA**

**IN MAATSKIPPIJ  
YN FERBINING**

**GEARFETTING FERKIEZINGSPROGRAMMA 2017**

# NEI IN MAATSKIPPIJ YN FERBining

**E**arlik diele, fêst wurk, knap wenje, in sûn libben, tagong ta ûnderwiis, emansipaasje, rjocht op sizzenkip – it is de reade tried fan de sosjaaldemokrasie yn syn striid foar in rjochtfearde wrâld. De Partij van de Arbeid koesteret in maatskippij wêryn't elts los fan ôfkomst himsels wêze kin, knap wurk en in ynkommen hat en it bêste ûnderwiis krijt. In maatskippij wêryn't wy mei-inoar libje en wêryn't wy soarchfâldich mei-inoar omgean, wêryn't bern sûnder soargen opgroeie kinne en minsken foarút komme kinne. Mear as ooit ek in maatskippij dy't sterk genôch is om in grut ferskaat oan minsken en oertsjûgings oan te kinnen en tagelyk linich genôch om himsels fierder te ûntwikkeljen en foarútgong te bieden. In maatskippij is noait ôf. Se fertsjinnet oanienwei ûnderhâld, om efterstân en ûngelikens te bestriden en gelikense kânsen foar minsken te skeppen. Dát is de opdracht oan in nij kabinet. Dêrby stiet net de BV Nederlân of it yndividu sintraal, mar it kollektyf. Want allinne in maatskippij dy't yn ferbining is, dêr't wy it mei ús allen yn dogge, is sterk genôch om feroarings oan

te kinnen en tagelyk foarút te kommen. Dy feroarings litte wy net samar barre, mar beäntwurdzje wy mei nije wissichheden op it mêd fan wurk, soarch, ûnderwiis en pensjoenen. Pas as wy genôch wissichheden fiele komme wy yn beweging, en dêrmei komt de maatskippij as gehiel foarút. By de foarrige ferkiezings yn 2012, midden yn de krisis, wie de opdracht 'Nederlân sterker en sosjaler'. Wy ha doe ús ferantwurdlikheid naam troch in koälysje oan te gean mei de VVD, ideologysk ús tsjinpoal. Net eltsenien wie dêr wiis mei, mar mei it each op de útslach koe it net oars. Wy ha maatregels naam dêr't wy grutsk op binne en guon maatregels dy't wy net of oars naam hienen as wy it allinne foar it sizzen hân hienen. En hiel út en troch gie it gewoan net goed. Mar wy ha knokt foar feroaring. Yntusken giet it de goede kant wer út mei Nederlân. Mar der is noch altiten in soad ûngelikens as it giet om ynkommen, oplieding, wenjen of wurkjen. Minsken ha te min it gefoel dat se hjir sels wat oan feroarje kinne en klimme kinne op de sosjale ljedder. Soks taast de ûnderlinge ferbûnens oan. Fielst dy net heard, hast gjin gryp op dyn libben.





Europa, migranten en globalisearring fiele as in bedriging. It gefaar bestiet datst dysels ôfslútst. Wy litte inoar lykwols noait los. Ek ûnder deselden dy't wol diele yn de foarspoed bestiet ûnwissens. Ha ik aanst noch in baan, kinne myn bern noch nei in ferfolchoplieding en hoe liket it mei myn hypoteek en pensjoen? Nei fjouwer jier mei de PvdA yn it regear is der wer reden foar optimisme, mar de krisis hat nochris dúdlik makke dat ús wrâld geandewei fûneminteel feroare is en noch mear feroarje sil. Yn de ôfrûne desennia binne fertroude maatskiplike ferbannen fuortfallen. Wy sprekke minsken as ynindividu oan en net mear as diel fan in groep lykas in pylder, klasse of húshâlding. Yn gâns opsichten hat dat befrijend west en bydroegen oan de emansipaasje, ien fan de doelen fan de sosjaaldemokrasje. Mar in te strikte benadering fan it ynindividu kin de maatskippij as gehiel ûnderwrotte. De notiidske ûnwissichheden en spanningen tusken groepen freegje derom no mear te ynvestearjen yn dat wat ús bynt. Stean wy aanst tsjinoer inoar – âld tsjinoer jong, heechoplaats tsjinoer leechoplaats, earm en ryk, kânsearm en kânsryk – of dogge wy it mei-inoar? De Partij van de Arbeid kiest foar dat lêste. Wy wolle ynvestearje yn dat wat ús bynoarbringt, yn minsken dy't fan ûnderop de maatskippij ferbine. Se fertsjinje in sterke publike sektor yn it ûnderwiis, de soarch, feilichheid en wenjen. Wy wolle ôf fan it merktinken yn de publike sektor en sjogge minsken net mear as konsuminten mar wer as minsken. Dyselde minsken fertsjinje mear sizzenkip oer harren wyk, wenningbouferiening of skoalle. Sa wurdt it draachflak fan de publike ynsti-túsjes fergrutte en krije de minsken sicht

op foarútgong. In soad feroarings wurde yn tanimmende mjitte beynfloede troch de globalisearring. Dy hat ús wolfeart brocht, mar der is ek in kearside. Beslissings oer ferpleatsing fan wurk en produksje nei legeleannan, oer fiskale konstruksjes en oer nije ynvestearings wurde oer ús hollen hinne naam yn de bestjoerskeamers fan ynternasjonale ûndernimmings. Mei fiergeande lokale en nasjonale gefolgen. De ynternasionalisearring fan arbeid is net nij. Mei bygelyks Spanjaarden, Marokkanen en Turken binne de earste gastarbeiders yn de foarrige iuw nei Nederlân kaam. De wrâld kaam tichterby en de multyetnyske maatskippij is no, goed fyftich jier letter, in feit. Mei al dy feroarings om ús hinne wie it de ferwachting dat minsken wol mei feroarje soenen. Mar net eltsenien kin dat op deselde wize. Guon kinne wol mear stipe brûke. De PvdA wol de kommende fjouwer jier de maatskippij fersterkje troch de minsken yn Nederlân nije wissichheden te bieden, sizzenkip te jaan oer karren en te wurkjen oan betrouwen yninoar. Wy wolle ommers mei ús allen foarút. Mei ús allen foarút, soks freget om heldere en earlike spulregels. Foar in sosjale ekonomie, wêryn't minsken in fêste baan ha mei in fatsoenlik salaris en in wis pensjoen. Wêryn't alle bern kânsen krije. Foar rjochtfeardigens foar wurknimmers. Sy fertsjinje in gelyk lean foar gelyk wurk en meie net útrûpele wurde. Grutte bedriuwen betelje gewoan belesting. En as lêste bepleitsje wy nije spulregels foar in fatsoenlike maatskippij. Diskriminaasje en radikalisearring hearre hjir net thús. En lit ús ek minder nei inoar raze en better nei inoar harkje.

## GOED WURK

Wy begjinne by goed wurk. In baan, in fêste baan, jout net allinne ynkommen, mar leveret ek respekt en wurdearring op. Tanksij wurk nimst diel oan de maatskippij en behâldst dyn perspektyf op de takomst. Wis wurk, in goed lean en in knap pensjoen binne wat ús oangiet net allinne weilein foar de baas mar foar eltsenien op de wurkflier. Eltsenien yn Nederlân fertsjinnet besteanswissichheid. Wy stribje nei folsleine wurkgelegenheid mei goed en earlike wurk. In fêst kontrakt fine wy gjin lúkse mar in rjocht. Minsken mei fleksibele baantsjes of nuloerekontrakten fertsjinje mear wissichheid. En de ûntslachbeskerming stiet as in hûs. Goed wurk fertsjinnet ek in rjochtfeardich lean. De ôfrûne jierren binne de winsten en de leanen fan wurknimmers fan benammen multynasjonals hieltiten fierder útinoar groeid. Dy trend wolle wy opkeare. Sûne bedriuwen ha baat by belutsen wurknimmers. Dat kin ûnder oaren berikt wurde troch hegere leanen. Dêr meitsje wy ôfspraken oer mei wurkjouwers en fakbûnen yn in wurkgelegenheidsakkoart. Wy lizze dêr ek yn fêst dat der mear wurk en mear wissichheid komt foar alle wurknimmers, want noch altiten stean tefolle minsken lâns de kant. De oerheid jout it goede foarbyld troch de leanen yn de publike sektor te ferheegjen. Wy fine dat eltse wurkjende in rjochtfeardich ynkommen fertsjinnet om fan libje te kinnen. It minimumlean giet per saldo omheech troch de wurkwike oan te passen fan 40 nei 36 oeren. Sa krijt eltsenien mei in fulltime kontrakt de mooglikheid

om tsjin it notiidske minimumlean 4 x 9 oeren te wurkjen. Per oere giest der sa op foarút en hâldst mear tiid oer om bygelyks besteegje te kinnen oan soarch foar in neiste. Wurk en privee kombinearje wy better, sadat wy minder stress en mear gelok ha. Wurkstress, dy't minsken siik makket, kringe wy werom. Wy binne ek foar earlike konkurrinsje tusken fêste en fleksibele banen. Fêst wurk meitsje wy oantreklik foar wurknimmer én wurkjouwer. In protte zzp'ers wurkje mei wille oan it eigen bedriuw, en dat is moai. Mar oaren binne fannede zzp'er en moatte konkurrearje tsjin te lege prizen sûnder garânsje foar de takomst. Dêrom meie zzp'ers fan ús as kollektyf ûnderhandelje oer minimumtariven. Se kinne harsels ek fersekerje tsjin arbeidsûngeskiktheid op basis fan ûnderlinge solidariteit – de kosten dêrfan komme foar in part foar rekken fan de opdrachtjouwer. De selsstannige ôftrek bliuwt bestean. Ek wolle wy mei de fakbûnen en ús bûnsgenoaten yn buorlanan soargje foar earlike spulregels yn Europa dy't soargje foar itselde lean foar itselde wurk. Sadat wurknimmers yn it transport en yn de bou net fuortkonkurrearre wurde troch kollega's út East-Europa. Bist jong? Dan krijt fan 18 jier ôf, yn stee fan it ûnearlike jeugdlean, wat ús oangiet itselde salaris as dyn âldere kollega's. Want itselde wurk fertsjinnet itselde lean. De beleannings yn de top fan it bedriuwslibben binne de ôfrûne jierren út it lead slein. Wy wolle in ridlike ferhâlding werombringe tusken beleannings oan de top en de leechste leangroepen. Anst wurde bedriuwen ferplichte om de beleanningsferhâlding tusken de top en de leechste ynkommens



te publisearjen. Undernimmingsrieden krije advysrjocht oer de beleanings. En as wy it dan dochts oer ferskillen ha: it beleaningsferskil tusken manlju en froulju moat ferdwine. Dat lizze wy wetlik fêst.

Om ek yn de takomst wissichheden as wurkgelegenheid te behâlden wylst de wrâld oanienwei feroaret, is in duorsume ekonomy needsaaklik. Wy wolle in ekonomy dy't him ûnderskaat yn de wrâld en dy't rjocht docht oan goede arbeidsomstannichheden en duorsumens. Soks betsjut dat wy ôfstappe fan fossile enerzjy en oerstappe nei in hâldbber enerzjysysteem. Dy omslach freget enoarme ynvestearings: yn de beropsbefolking, yn duorsume enerzjy as wynmûneparken op de Noardsee en isolaasje fan alle huzen, yn de ynfrastuktuer. De PvdA wil dêr de kommende jierren tsientallen miljarden euro's foar frijmeitsje. Sa binne wy as Nederlân ree foar de takomst, mei in skjinne en feilige ekonomy dy't konkurrearjend is op de wrâldmerk. Tagelyk kreëarre wy tsientûzenen nije banen.

In goed belestingstelsel is wichtich foar ús wolfeart en wolwêzen. Belestingynkomsten binne nedich om foar ús kollektive foarsjenings te beteljen. Wy ha yn dit kabinet al

gâns ferbettere. Sa kinne minsken mei de heechste ynkommens minder hypoteekrin-te ôffliuke. Wy wolle de belestings no noch rjochtfeardiger en griener meitsje. Foar minsken mei in leech of middenynkommen of mei in beskieden fermogen, gean de belestings omleech. Sa ûntstiet in earlikere kâns dat eltsenien in knap ynkommen krijt. Minsken mei in grut fermogen, bedriuwen en fersmoargers sille krekt mear belesting betelje. Wol sa rjochtfeardich.

## GOEDE SOARCH EN NOFLIKE ALDE DEI

In goede sûnensoarch is fan wearde foar eltsenien fan ús en foar de maatskippij as gehiel. Oandacht en leafde foarmje de basis fan goede soarch. Dêrom wurkje wy yn ús ferkiezingsprogramma oan soarch dêr'tst better fan wurdst. Oan leafdefolle langduorjende soarch. En oan mear wurdearing foar ús soarchferlieners, mei bettere arbeidsomstannichheden.

Tsien jier lyn waard de soarchfersekeringswet ynfierd, wêrby't de merk ta bettere

### MAATREGELS:

- Wy komme mei in nij wurkgelegenheidspakt: de leannen by bedriuwen en oerheid gean omheech.
- Miljarden ekstra ynvestearje yn in duorsume ekonomy. Goed foar ekstra banen, ús leefomjouwing en it klimaat.
- Fan 18 jier ôf gewoan minimumlean.
- Ridlike ferhâldings tusken beleanings oan de top en it gewoane persoanel.
- Zzp'ers krije beskerming troch minimumtariven.

soarch liede moatte soe. No sjogge wy dat de merk te min each hân hat foar de minsklike mjitte. It is tiid dat it soarchstelsel wer it publike belang tsjinnet. It eigen risiko hat net bydroegen oan in effisjintere en bettere soarch, mar soarge der krekt wol foar dat minsken mei in leger ynkommen en groansk siken de soarch mijden. Dat is net wat wy wolle, en dêrom skaffe wy it eigen risiko ôf.

Fierders wolle wy in unifoarme polis foar de basisfersekering, sadat fersekerers net mear konkurrearje mei allerhanne polissen. De macht fan de farmaceutyske yndustry beheine wy en kosten foar djoere genêsmiddels wolle wy behearskje. Húsdokters meie mear mei-inoar yn 'e mande dwaan, dêr passe wy de meitingwet op oan. Se krije mear taken dy't no noch troch sikehuzen útfierd wurde, om de soarch tichtby te hâlden. Dêrta sette wy ek troch mei ynvestearjen yn de wykferpleechkundigen. En by einsluten moat by de tige spesjalistyske soarch fan de akademyske sikehuzen de merkwerking skrast wurde.

Wy wolle dat minsken, pasjinten en meiwurkers, mear te sizzen krije yn de soarch. Sawol by de oandjers as by gemeenten en fersekerers. Gauris wite se sels hiel goed wat nedich is om problemen op te lossen. Pasjinte-organisaasjes, soarchkoöperaasjes en lederieden krije mear stipe.

Foarkommen is better as genêzen. Dêrom wolle wy preventive maatregels dy't de sûnens fergrutsje, ûnderbringe yn it basispakket. Mei fersekerers ynvestearje wy yn mear bewegen, ophâlden mei smoken en sûner iten. Bern oant 18 jier beskermje wy eksplisyt tsjin smoken, drank en drugs. Dêrom wolle wy mear jild útlûke foar sport

en spul foar de 400.000 bern fan wa't de âlden in clublidmaatskip net betelje kinne. Lodewijk Asscher hat it al oankundige: wy wolle mear ynvestearje yn de âldereinsoarch. Dêrta freegje wy fan de ynkommens boppe de 150.000 euro in ekstra bydrage fia de ynkomstebelesting. Mei de 300 miljoen euro dy't dat opsmyt, kinne wy yn ferpleechtehuizen de Hugo Borstnoarm ynfierre: der komt ekstra ferpleegjend persoanlik foar in leafdefolle âlde dei. Mear persoanlik, bettere opliedings en mear omtinken foar bewenners.

Om by dy âlde dei te bliuwen. In knappe âlde dei heart ta de wissichheden fan Nederlân. De AOW sticht dêrom alle jieren mei de leannen mei. By de ferheging fan de AOW oant 67 jier ha wy altiten sein dat net eltsenien op deselde leeftyd ophâlde kin of wol. Wy besykje om minsken mei in swier berop of har dy't fyftich jier wurke ha, te mijen. Dat plan blykte yn de praktyk ûnútferber. Dêrom komt der no in fleksibele AOW. Eltsenien krijt de kar om oant trije jier earder op te hâlden tsjin in ridlike koarting, wêrby't wy nimmen troch it minimum sakje litte.

Wy passe it pensjoenstelsel oan de hjoeddeistige tiid oan om it dêrmei sterker te meitsjen. Alderen krije mear ynkommenswissichheid. Der komme minder strange dekkingseasken, wêrtroch't ôfboeken fan oanfoljende pensjoenen safolle mooglik foarkaam wurdt en de saneamde yndeksasje wer binnen berik is. Wat tichter oftst by dyn pensjoen sitst, wat wissers oft de útkearing wurdt. En zyp'ers bouwe ek pensjoen op, oant de sosjale preemjegrens.

## MAATREGELS:

- Der komme ekstra ynvestearings yn de âldereinsoarch om de Hugo Borstnoarm ynfierre te kinnen.
- De trochsleine merkwerking yn de soarch draaie wy werom, om te begjinnen by soarchfersekerers en yn de earstelijnsoarch.
- Der komt ien unifoarme polis foar alle basisfersekerings.
- It eigen risiko yn de soarch ferdwynt.
- De macht fan de farmaceutyske yndustry wurdt ôfbrutsen.
- Pasjinten en meiwurkers krije mear sizzen yn de soarch.
- In fleksibele AOW: oant trije jier earder ophâlde mei wurkjen tsjin in ridlike koarting, nimmen sakket ûnder it minimum.
- Mear romte foar ferhegjen fan pensjoenen.

## GELIKENSE KANSEN FOAR BERN EN GOED UNDERWIIS

Eltsenien fertsjinnet deselde kâns om wat fan syn of har libben te meitsjen. It mei neat skele kinne wêr'tst wei komst, wêr'tst wennest, oft dyn âlden ryk of earm binne. Dat klinkt as fanselsprekkend, mar yn Nederlân libje 400.000 bern yn earmoede. Dat fine wy ûnacceptabel. Alle bern moatte meidwaan kinne. Sporte, op skoalreiske, kultuer belibje, op de jierdei in kadootsje en winterdeis in waarme jas. Ek ast opgroeist yn in earme húshâlding. Dêr ha wy struktureel 100 miljoen ekstra foar útlutsen. De kommende tiid sette wy alles op alles

om dit ek wier by elts bern te krijen dat it nedich hat.

Dêrta sille wy oparbeidzje mei gemeente, skoallen, konsultaasjeburo's en maatskiplike partijen lykas Stichting Leergeld, it JeugdSport- en kultuerfûns, Stichting Jarige Job en gâns oare lokale inisjiativen. Sadat aanst wier elts bern meidwaan kin. We akseptearje ek net dat skoallen fia allerhanne ekstra bedraggen foar reizen of kompjûters bern bûtenslute. De gemeenten krije mear jild foar earmoedebestriding, spesifyk rjochte op bern.

In geliksene start begjint mei goed ûnderwiis. Yn 'e mande mei sosjale partners en meiwurkers yn it ûnderwiis sille wy dêrom ynvestearje yn leararen en skoallen, sadat bern mear en bettere kânsen krije. Om't de beurs fan heit en mem noait dyn kânsen yn it libben bepale mei. En dat jildt ek foar studinten. Jildkrapte mei noait yn it paad fan dyn talint stean.



Bern fan net-Nederlânsk komôf en út earne húshâldings begjinne yn groep 1 fan de basisskoalle gauris mei in efterstân. Dat moat oars en dêrom wolle wy berne-opfang, foarskoalske edukaasje, pjutteboartersplak en basisskoalle naadleas opinoar oanslute litte. Sa stadichwei komt der dan ien foarsjenning foar opfang fan bern oant fjouwer jier, wêryn't berne-opfang, foarskoalske edukaasje en pjutteboartersplakken ynoar opgean. Op de basisskoalle en bûtenskoalske opfang kinne alle bern aanst oant 18 oere terjochte, sadat âlden de kâns krije om te wurkjen.

Wy wolle ôf fan de hurde skoalkar sadree't in bern tolve jier is en de basisskoalle ferlit. Der komme trije skoaladvizen: tariedend fakûnderwiis, tariedend beropsûnderwiis en tariedend heger ûnderwiis. Elts bern komt yn in brede brêgeklasse en krijt sa de tiid om him te ûntwikkeljen. It foarkomt in soad keuzestress op jonge leeftyd en it docht rjocht oan letbloeiens dy't yn in oar tempo leare as gemiddeld.

Bern mei in beheining moatte safolle mooglik meidwaan yn it reguliere ûnderwiis. Wy wolle dat leararen better traïnd wurde yn it omgean mei ferskillen yn de klasse, sadat se ek better by steat binne om passend ûnderwiis te fersoargjen.

It fakmanskip fan de learaar stiet by de PvdA sawisa foarop. Yn it primêr en fuortset ûnderwiis wolle wy de lestaak yn stappen werombringe nei 20 oeren. Dat jout dosinten de tiid om te ynvestearjen yn kwaliteit fan lesjaan en it begelieden fan bern. Dêr heart ek in bettere beleaning fan dosinten by. Prestaasjebeleanning passe net yn it ûnderwiis.

Op skoalle wolle wy ek mear omtinken foar kultuer. It bringt learlingen by wa't wy

binne en wat ús bynt. Wy wolle dat skoallen dielnimme oan kultuerûnderwiis. No docht 70 prosint fan de basisskoallen mei oan it programma 'Kultueredukaasje mei ûnderwiis' en hat 90 prosint fan de mbo'ers in kultuerkaart. Dat giet nei 100 prosint. We ynvestearje fierder yn kultueredukaasje op middelbere skoallen, mei vmbo as prioriteit. En wy lûke mear jild út foar muzykûnderwiis.

Oer tsien jier wolle wy de bêst oplate beropsbefolking op de wrâld ha om oanhâldend konkurrearje te kinnen yn de wrâld-economy. Wy wolle dêrom mear ynvestearje yn it beropsûnderwiis en byskoalling fan wurknimmers. Fakkennis stiet foarop, mar wy wolle ek dat der mear oandacht komt foar algemiene feardichheden ûnder de lessen. Yn it beropsûnderwiis wolle wy de kommende fyftjin jier miljarden euro's ekstra ynvestearje.

Gelikense kânsen stimulearje wy fan jonges ôf oan. De skoallen ha in wichtige funksje. Net allinne yn it jaan fan ûnderwiis, mar ek om romte te bieden oan foar- en neiskoalske opfang. Skoalgebouwen binne tenei iepen fan 7.30 oant 18.00 oere mei in rom oanbod oan aktiviteiten nei skoaltiid, sadat beide âlden de kâns krije om te wurkjen. Foar de learlingen is der folop romte foar sport en kultuer, húswurkbegelieding en brede maatskiplike ûntwikkeling. Skoallen kinne selsstannich it neiskoalske oanbod oanbiede of harren gebou iepen stelle foar organisaasjes dy't dat fersoargje.

## MAATREGELS:

- Mear jild nei earmoedebestriding by bern.
- Der giet mear jild nei mingde en brede skoallen, nei sport, kultuer en ferienings en nei wykfoarsjennings as biblioteken.
- Ekstra ynvestearings yn it beropsûnderwiis en byskoalling fan wurknimmers, yn fyftjin jier oant 10 miljard ekstra it jier.
- It âlderskipferlof foar heiten giet fan ien wike nei trije moannen.
- Der komt ien foarsjenning foar opfang fan alle bern fan 0-4 jier.
- Der komme trije brede brêgeklassen yn it fuortset ûnderwiis: tariedend fakûnderwiis (legere vmbo-nivo's), tariedend beropsûnderwiis (hegere vmbo-nivo's en havo) en tariedend heger ûnderwiis (havo, vwo en gymnasium).
- Bern mei in beheining dogge mei yn it gewoane ûnderwiis. Alden meie sels bepale op hokker skoalle oft harren bern passend ûnderwiis krijt.

## FRIJHEID FOAR ELTSENIEN EN DISKRIMINAASJE NET AKSEPTEARJE

It klinkt sa fanselssprekkend dat wy it wolris ferjitte. Wy libje yn in frij lân dêr't eltsenien gean en stean mei dêr't hy of sy wol. In lân dêr't frijheid fan mieningsutering, frijheid fan religy en it homohoulik jilde. Dy frijheid is lykwols net fanselssprekkend en fertsjinnet it om ferdigene te wurden. Utsluting, rasisme en diskriminaasje hearre yn Nederlân net thús. Likemin as seksuele yntimidaasje of religieus ekstremisme. Wy stean foar in iepen maatskippij, in

maatskippij yn ferbining, dêr't elts him yn ûntjaan kin. Sadat der in grut ferskaat ûntstiet. Dat ferskaat makket ús moai, mar ek kwetsber. Kinst allinne yn frijheid libje ast ek ree bist om de frijheid fan in oar te ferdigenjen. Ek ast it net mei de oars bist. En fansels, der binne ferskillen yn opfetting, libbensoertsjûging of kulturele eftergrûn. Frijheid is in kwestje fan mentaliteit, fan tolerânsje en respekt foar ús wearden. Dat jildt ek foar nijkommers dy't hjir wenjen komme wolle: se moatte de Nederlânske wearden akseptearje. Religieus ekstremisme wolle wy neat mei te krijen ha en heart net thús yn ús frije maatskippij.

Wy wolle diskriminaasje en rasisme hurder bestride. Bygelyks op de arbeidsmerk, oft dat no omreden fan leeftyd, geslacht of komôf is. Dêrom jouwe wy de ynspeks-



jetsjinsten mear kapasiteit. Anonym sollisitearjen wurdt de noarm by de oerheid. Sadat it net mear útmakket hokker efternamme oftst tafallich krigen hast fan dyn âlden.

Rasisme heart net thús yn Nederlân. Om rasisme better te bestriden, sille wy it behannelje as saneamde *hate-crime*. Dêrmei ferheegje wy de straffen foar de dieders. En de pakkâns moat omheech. Wy wolle plysje en it iepenbier ministearje mear earmslach jaan om de dieders fan rasisme en diskriminaasje op te spoaren en te ferfolgjen. Der komme mear spesjalisearre plysjeminsken en in bettere hanthavening. Ek wolle wy de tagong fan slachtoffers fan diskriminaasje ta de plysje ferbetterje.

In protte minsken mei in net-Nederlânske eftergrûn fiele har kwetst troch denigrearjende generalisaasjes en diskwalifikaasjes. Wy wolle dat aktyf bestride. Dat begjint by in bettere bewustwurding fan it bestean fan foarordieljen, ûnderhûdsk rasisme en 'aldendeiske' diskriminaasje. As it nedich is,

skerpje wy de wetten tsjin diskriminaasje en rasisme oan.

It is boppedat ûnakseptabel dat minsken op basis fan harren uterlik wegere wurde by útgeansgelegenheden en ferienings. Der komme leechdrompelige online meldpunten dêr't it bewâld, boargemaster en plysje, de oertrêders mei oanpakke kin. Wa't it te bûnt makket, kin syn eksploitaasjefergunning ferlieze.

Frijheid jildt foar eltsenien: man en frou, jong en âld, earm en ryk. Wy komme spesjaal op foar de rjochten fan froulju en famkes. Yntimidaasje fan froulju is ûnbesteanber en stelle wy tenei strafber. Dieders dy't miene froulju lestich falle te moatten, moatte har as it oan ús leit ferantwurdzje foar de strafrojochter. Wy komme ek op foar de frijheid fan LHBTI'ers om harsels te wêzen. Pestgedrach tsjin harren of tsjin oare groepen wurdt effektiver bestriden, bygelyks troch de boargemaster de mooglikheid te jaan om de dieder flugger út hús te pleatsen of in buertferbod op te lizzen.

## MAATREGELS:

- Wy pakke diskriminaasje hurder oan. Der komme hegere straffen op rasisme.
- Wy passe strafrojocht ta by strjityntimidaasje.
- Anonym sollisitearjen wurdt de noarm by alle oerheden en (semy)publike ynstellings.
- Der komt mear ferskaat by publike ynstitúsjes.
- De opfang fan asylsikers ôfstimme op de omfang fan doarp of stêd.
- De plysje notearret tenei wêr't se ien yn oanhâlde; mei dat saneamde stopformulier pakke wy etnysk profilearjen oan.

# FATSOENLIKE WENTEN EN FEILIGE BUERTEN

No't wy it dochts oer buerten ha: wenjen is folle mear as in dak oer de holle. It betsjut in fertroude en feilige thúsbasis. Wenje dochst net allinnich mar mei oaren, yn in buert of wyk, doarp of stêd.

Wy wolle mear wenten, betelbere wenten en mear sizzen skip foar bewenners. Wachtlisten foar sosjale hierwenten moatte koarter. Dat kin troch de kommende jierren foldwaande huzen te bouwen. Der komme op syn minst 50.000 huzen it jier by. Yn 2030 giet it om 700.000 oant 1 miljoen wenten. Gemeenten wurde ferplichte om foldwaande betelbere wenten te realisearjen sadat der foar eltse beurs in plak is yn stêd of doarp. Sa foarkomst dat minsken mei legere ynkommens ferkrongen wurde nei bûtenwiken of sels nei bûten de stêd. Sokke segregasje is min foar de gearhing en ferbûnens fan de maatskippij. It hieren, lit stean it keapjen fan in hûs, is foar in soad minsken te djoer en de hier-taslach is fierstente burokratysk. Dêrom gean wy stadichoan de kant út fan hieren neffens draachkrêft. Wa't net folle fertsjinnet, betellet net in soad hier, wa't in protte fertsjinnet betellet mear. De tawizing fan in sosjale hierwente is ôfhinklik fan it ynkommen en dat bliuwt sa. Wol passe wy dy grins oan per regio. Yn de meast populêre stêden wurdt de grins oplutsen fan 39.000 euro nei in jier ynkommen fan 45.000 euro. Sa ha legere ynkommens mear kâns op in sosjale hierwente yn krappe wengebieten en foar-

komst dat se de wyk of sels de stêd útjage wurde. Genôch betelbere wenten komt it bêste ta syn rjocht yn in buert mei ferbûnens. Dat freget om in sterke publike sektor. Wy sjogge dat der ferlet is fan it ferfoljen fan wichtige publike funksjes: de konsjerzjes en assistinten op skoallen, tafersjoch yn bus en trem, help by sport- en kultuerferienings en it skjinhâlden fan de iepenbiere romte. De PvdA wol dat dy publike taken wer ferfolle wurde. Tagelyk sjogge wy dat tefolle minsken tsjin 't sin langduorjend oan de kant stean. Dêrom yntrodusearje wy 100.000 nije banen mei in salaris tusken de 100 prosint en 120 prosint minimumlean. Dat binne nije banen, se ferkringe gjin besteande funksjes. In buert mei ferbûnens is ek in feilige buert. In feilige wyk berikst ûnder oaren mei mear plysje op strjitte. De wykplysje foarmet de eagen en earen fan de maatskippij. In wykplysje op eltse 5000 ynwenners is it minimum. Hy of sy is benammen op strjitte te finen en net efter it buro. Hy fertsjinnet dêrby itselde salaris en ekstra fergoedings as syn kollega's by de plysje. In feilige leefomjouwing is in saak fan eltse-nien. Wy wolle befoarderje dat gemeente, plysje en boargers mear oparbeidzje om de feilichheid yn de wyk te ferbetterjen. By it oanpakken fan kriminaliteit stean de ynwenners sintraal. Ynwenners kinne anst streekrjocht ynfloed útoefenje op de prioriteiten fan boargemaster en plysje, lykas yn it Rotterdamske projekt 'De buurt bestuurt'. Eltse buert of elts doarp tinkt sa mei oer wêr't ferlet fan is en krijt de mooglikheid om in part fan de plysje-oeren neffens eigen ynsjoch yn te setten. Gemeenten meitsje foar eltse buert in buertplan mei

de bewenners dêr't de mienskiplike doelstellingen foar feilichheid en leefberens yn formulearre wurde. Bewenners bepale sadwaande prioriteiten yn harren eigen buert of doarp. Wy komme op foar de slachtoffers. By oanhâldende wenoerlêst ferhúzje deselden dy't de oerlêst feroarsaakje. Jongeren dy't op strjitte oerlêst feroarsaakje wurde mei strange hân begelaat nei skoalle of wurk.

Mei âlden, plysje en skoallen foarmje wy in pedagogyske koälysje om derfoar te soargjen dat jongeren net radikalisearje. Wy kieze dus mei klam foar mear oandacht foar feiligens. Want allinne ast dy feilich fielst, fielst dy thús yn Nederlân.

## MAATREGELS:

- Der komme op syn minst 50.000 wenten it jier by. Yn 2030 giet it om yn totaal 700.000 oant 1 miljoen nije wenten.
- Hiere neffens draachkrêft; tawizingsgrins foar sosjale hierwenten per regio.
- Ynwenners tinke mei oer feilichheid.
- Der komt op syn minst ien wykplysje op eltse 5000 ynwenners.
- Der komme 100.000 nije banen lykas konsjerzjes en assistinten op skoallen, tafersjochhâlders yn bus en trem, om te helpen by sport- en kultuerferienings en foar it skjinhâlden fan de iepenbiere romte.





**PvDA**

[pvda.nl](https://pvda.nl)